[0064] Assimilearret it bynwurd AS al nei de funksje dy't it hat yn 'e sin?

B. de Boer seit yn it Beaken 14(1952). s. 20: ‘Terloops wil ik hier wijzen op de eigenaardigheid dat, terwijl voor het pers.vnw. 2e pers. enk. *du* bij het coördinerende *as* regressieve assimilatie plaats heeft, men bij het subordinerende *as* voor *du* progressieve assimilatie aantreft; *ik wet naa$_0$t as-tu kòmə wɔst* - ik weet niet of je wilt komen (*as du* > *as tu*). Dit wijst m.i. op het feit dat het subordinerende *as* sterker is dan het coördinerende. Dat ligt trouwens voor de hand. Terwijl het coörd. voegwoord alleen verbindt, is het subord. voegw. behalve verbindingswoord ook drager van de idee van subordinatie, We hebben hier te doen met een geval van *Cumul*'. En De Boer forwiist dan nei § 225 van Ch. Bally's Ling. générale et ling. française, dêr't stiet: 'Nous disons qu'il y a *Cumul des signifiés* (ou par abréviation Cumul) quand un signifiant unique et indécomposable renferme plusieurs valeurs que des associations mémorielles permettent d’ analyser clairément'. De Boer yllustrearret dit mei in foarbyld út it Hollânsk. Hy seit: `Het ndl. *schimmel* doet denken aan een *paard* en aan w*it;* het cumuleert deze beide waarden. Het eng *to starve* cumuleert de idee van *sterven* en die van *honger.* Zo zijn er syntactische cumulaties. In de zin *Dat is de jongen die gisteren mijn boek geleend heeft,* heeft het betr.vnw. *die* twee functies: het verbindt twee zinnen en is tevens onderwerp van de bijzin.'

Yn It Beaken 17(1955), s.13-18 haw ik al bisocht om oannimlik to meitsjen, dat De Boer syn cumul-foarbyld fan *as-tu* net doocht. Dêrby, der is hjir ek gjin sprake fan assimilaesje, hwant dit *as-tu* giet tobek op *as-stu.* Boppedat is De Boer syn sin mei *as-stu* net botte gelokkich keazen, hwant *as* is hjir brûkt yn in funksje, dy't it histoarysk net hat. It is yn't plak krongen fan Aldfr, *jef(t),* dat Nijfrysk *oft* is. Hawar. Nou binaem yn it boppesteande gefal it gearstald wêzen fan *astû* út *as* en *stû* ús it sicht in bytsje: it soe wêze kinne, dat De Boer syn hypotheze wol opgong yn gefallen, dêr't op de *s* fan *as* in assimilearber lûd folge. Dêrom binne hjirûnder in pear sokke gefallen njonkeninoarset:

ûnderskikkend *as*

- it soe goed wêze, as *d*û [-zd-] en ik dat diene;
- it soe goed wêze, as *d*at [-zd] hjoed dien waerd;
- *forl.*: it soe goed wêze, a*st*û [-st-] dat hjoed diest; -

njonkenskikkend *as*

- ik doch neat leaver a*s d*at (-zd-];
- ik bin like great as *d*û [-zd-]

Hjir is sûnder mear oannommen, dat hwat foar it Hylpers jildt ek fan krêft is foar it oare Frysk. Hjir wurde twa dingen dúdlik. It earste is, dat de assimilaesje ûnforskillich de funksje fan *as regressyf* is en it twadde, dat de kar fan *dû* of *-stû* yn ‘e bysin-nei-de-foarm-mei't-bynwurd *as* 'ôfhinget fan’ de útgong fan it finite tiidwurd.

Oare bynwurden jowe allikemin hwat om' e funksie dy’t se yn ‘e sin hawwe, oft se bitrutsen binne yn in assimilaesjeproces. Moaije foarbylden dêrfan jowe *dat* en *om't*, dy't soms de haedsinfoarm, soms de bysinfoarm efter har hawwe; forl.:

haedsinfoarm: it is mâl waer, dat *d*û [-t], moatst thúsbliuwe;

bysinfoarm:

- it is it bêste, da*t d*û [-t-] en ik it dogge;
- forl. is it bêste, dat*st*û it moarn doch*st*; -

haedsinfoarm: hy die it net, om' *t d*û [-t-] woest it net;

bysinfoarm:

- hy die it net, om*'t d*û [-t-] en dyn wiif it net woene;
- forl. hy die it net, om’t*st*û it net woe*st.*

Ek hjir dus yn haed- en bysin de selde assimilaesje en yn 'e lêste de selde relaesje tusken -stû en tiidwurdsútgong as boppe.

Grins. *Teake Hoekema.*